

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside

Treffer:

Henk Bootsma

Jiergong 52 nûmer 2

desimber 2021



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Internetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Tryntsje Bouma
Henk Postma
Fakant
Syb Overal
Anco Elgersma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
Ysgumerweg 10, 8764 PS Dedgum
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
06-21467278
06-51679033
06-33030042
06-39805090
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Fakant	Foarsitter
Anno Feenstra	Algemiens lid
Christien van der Valk	Algemiens lid
Dirk de Jong	Algemiens lid
Pieter Kamstra	Algemiens lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstrydsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Anco Elgersma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.g. PR-kommisje

Bauke de Boer

Hendrik Engbreghof
Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Wedstriidstipers SDS 1

jiergong 51 nr. 2

1

Kryst 2021

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besorging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybrén Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2021) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-/ôfmelde**". Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Begjin maart 2022

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de Trefferredaksje

Normaal sprutsen komt dizze Treffer krekt foar de Kryst út, mar om 't wy troch de nije Koronamaatregelen alwer safolle stikjes hienen dy 't efterhelle wienen en skrappe mochten hawwe wy dizze Treffer efkes útsteld.

Yn dizze Treffer in ferslach fan it frouljustoernoai fan 12 novimber, binne wy benijd hoe 't it mei âld-SDS'er Jildert Hijlkema is, nimme wy ôfskie fan Henk Mulder, freegje wy ús ôf wêrom as Gerbrand Kramer op krukken rint, binne wy benijd as Tsjipke Okkema him wat rêdt mei 3 bêrn, sjogge wy by de SDS-Minileague en binne der de fêste rubriken lykas de SDS-look-a-likes, Kees'Kollum, de Alde doaze, de Hite nûtsjes, de topskoorderslist en de aginda. Dêrneist fansels wer de tradisjonele SDS-Krystpuzzel. Wy binne benijd wa 't dizze kear mei de SDS-paraplu der fan troch giet!

Ek kinne jim âlfêst wat lêze oer it 75-jierrich jubileum fan SDS.

Mar in soad lêswille tawinske en âlfêst de alderbêste winsken foar 2022.

Bliuw sûn!

(WW)



SDS 75 jier	Krystpuzzel	SDS Minileague
		
side 6	side 19	side 27

Ynhâld

Fan de redaksje.....	3
Fan it bestjoer	5
SDS 75 jier	6
SDS'er om útiens; Jildert Hijlkema	7
Ofskie nimme fan: Henk Mulder	10
Hite nûtsjes.....	11
Op syk nei âlde Treffers	12
Wêr binne de bollen fan Klaas en Jan?	13
In fruitmandsje bringe by Gerbrand Kramer	15
SDS frouljy 7x7-toernoai.....	16
Ballon d'Boer/Grutte Klupaksje.....	18
SDS-krystpuzzel.....	19
Einstân SDS-League.....	20
Sportpark ticht, mar it MFT is iepen.....	21
SDS-kean	22
SDS-kean yn de útfierkeap.....	23
In kraammandsje bringe by Tsjipke Okkema	24
Persoanlik: Melle Terpstra	25
De SDS-minileague	27
SDS -Look-a-likes(32)	29
Kees'Kollum; 'Bijwerkingen gewenst'	30
Slút je oan by GEKE en stypje SDS!	31
Sinteklaas by sf Deinum.....	32
Ofskie	33
Ut de âlde doaze.....	34
Doelpuntenmakers senioaren 2021-2022	35
Aginda.....	36



Fan it bestjoer

Wy slúte it jier ôf en sjogge foarút nei it nije jier en ek al it nije seizoen. Trainer Douwe Posthuma nimt ôfskie nei dit seizoen en Remco Bervoets sil it nei de simmer oernimme. By SDS Vr.1 steane ek folgend seizoen Johan Wittermans en Richard de Greef foar de groep. Foar SDS 2 sille wy sjen as wy in trainer-koach fine kinne. Foar in trainer/koach foar de JO19-1 stiet in fakature op de SDS-side en



Voetbalnoord, mar dêr is noch gjin reaksje op kaam.

Hooplik fine wy foar folgend seizoen al in trainer-koach. Spitich genôch bliuwt it tige dreech om trainers te finen.

2022 sil foar in grut part yn it teken stean fan it 75 jierich bestean fan ús klup. Hooplik kinne wy dit folút fiere.

Tjerk van der Pol hat ôfskie naam as jeugdfoarsitter en Anco Elgersma as ledenadministrateur. Wy binne noch op syk nei in nije jeugdfoarsitter. De taken fan Tjerk wurde op dit momint foar it grutste part oernaam troch de nije jeugdkommisje mei Pieter kamstra, Anno Feenstra, Dirk de Jong en Christien van der Valk. Catharina Postma út Wommels sil de taken fan Anco oernimme. Hjir binne wy tige wiis mei.

Wy winskje jim alfêst in protte wille en sûnens ta yn 2022!

Ut namme fan it SDS-bestjoer,

Willem Wijnia



SDS 75 jier



Op 10 augustus 2022 bestiet vv SDS 75 jier.
Dit moat fansels fierd wurde.

It doel is om dit jier ferskeidene aktiviteiten yn it ramt fan it 75-jierrich jubileum te organisieren. Dit soe begjinne mei de SDS-nijjierssit op sneon 8 jannewaris, mar troch de nijste maatregelen falt dat al yn it wetter. Dêrneist soe der dy dei in moai doek ûntbleate wurde wat wy no letter mar ris dwaan moatte.

Op de ledengearkomst soe bekend makke wurde op welke data wy it jubileum mei syn allen fiere wolle. Op 10 augustus sels soe lestich wurde om't dy dei ek de Freule ferkeatst wurdt. De ledengearkomst gie allinnich ek net troch en dêrom meitsje wy by dizze bekend dat it jubileum fierd wurde sil op freed 1 en sneon 2 septimber. Set dat mar fêst yn de agenda.

Dêrneist organisere wy op freed 18 maart in sponserjûn. Om noch mar net te fier foarút te rinnen op de maatregelen wachtsje wy noch efkes mei de útnoegingen te ferstjoeren en bekend te meitsjen wa 't der komme te sprekken. Fierder binne wy dwaande om in SDS-plaatsjesboek foar elkoar te krijen. Dit is noch net rûn. It soe o sa moai wêze as dit slagget.

Hâld de webside mar goed yn de gaten foar mear jubileumnijs!

(WW)



SDS'er om útiens; Jildert Hijlkema

Ald-SDS'er Jildert Hijlkema fuotballe jierren by SDS lykas syn heit Wouter Hijlkema.

Tsjintwurdich spilet syn broerke Remco Hijlkema al jierren yn SDS 1. Wy binne wol benijd hoe it mei Jildert is en as hy ek noch wat fuotballet en sa. Wy namen kontakt mei him op.



Hoe is it mei dy?

Sûn en drok mei wurk en hobby's, lykas drave en de natuer yn (mei nammen fûgelje).

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Ik wenje sûnt 2018 yn Ravenstein; een lyts stedsje oan de Maas. It stedsje leit krekt yn de provinsje Noord-Brabant, by menigeen mooglik bekend fan de files op de A50. Ik bin trouw mei Bo, mei wa ik alwer mear as 10 jier samen bin. Sûnt hast 7 jier wurkje ik as gebiedsontwikkelaar en ecooog bij de K3-organisaasje (eartiids bekend as K3Delta) yn Andelst. Wij soargje mei ús projecten foar in maatskiplik ferantwurde winning fan bouwgrondstoffen yn kombinaasje mei natuurontwikkeling, rivierferromming en/of rekreaasje. Ik hâld my benammen dwaande mei de tariedings fan plannen, de kommunikaasje mei en nei omjouwing en oerheden en it oanfreegjen fan de nedige fergunningen en oare tastimmingen.

Fuotballest ek noch?

Nei SDS haw ik noch oant en mei it seizoen 2016/17 bij sneinskup sv Leones út Beneden-Leeuwen spile. Meastens yn it twadde, mar op it lêst ek een pear seizoenen yn it earste. Een prestatiegerichte feriening mei een moaie mix fan eigen jongens en jongens fan bûtenôf. Ynmiddels bin ik alwer een pear jier stoppe. Ik hie it nea toch, mar ik mis it spultsje seldom.

Hiel soms traapje ik nog een baltsje mei myn broerke en heit. Fjirder folgje ik yn it bysûnder it Ingelske fuotbal (Match of the Day mis ik mar hiel seldom), mei spesjale oandacht foar myn favorite team: Arsenal.

Der nea wer oan tocht om by SDS te baljen?

Neist mei myn heit (sjoch hichtepunt), hie ik ek graach ris mei myn broerke Remco spylje wollen. Ik haw der dus wolris oan tocht, mar dat is nea realistysk west mei een wenning, wurk en freonen yn it midden fan it lân.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

As een moaie tiid by een feriening mei betrokken minsken en frijwilligers.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

It hichtepunt wie toch wol de oerwinning mei Easterein op Wommels nei strafschoppen yn 2007...haha. Mar dan no sûnder gekheid: myn hichtepunt wie de ûntferwachte promoasje mei SDS 2 yn 2008. Tsjin de winterstop stiene wy ûnderoan, toen de 'âldsjes' lykas Robert Sijbesma, Wichard Deinum, Remco Bervoets en myn heit (ik mis der fêst nog een pear) as fersterking frege waarden. Under oanfiering fan de âlderen promovearden wy fia de neikompetyasje. Sy makken de jongerein wol dúdelyk dat der mear nedich is dan even lekker balje. Dêr ha ik letter nog een soad profyt fan hân bij sv Leones.

In persoanlik hichtepunt wie de neikompetyasje mei SDS 1 om yn de twadde klasse te bliuwen yn 2012. Dat klinkt miskien wat gek, mar dat sit sa: ik studearde doe yn Velp en trainde dêr bij een fuotbalklup. Dertroch wie ik mar weinich yn byld en de toenmalige trainer Jaap de Blaauw wie earlik tsjin my dat ik weinich kâns makke. Ik spile dat jier hast gjin wedstriden yn it earste. Oan it ein fan it seizoen koe ik wegens een stage yn Fryslân wer meitraine. Yn de neikompetyasje haw ik doe alle wedstriden tsjin Makkum en Mulier spile. Dêr hie ik doe sels net op rekkene, want die sneins derfoar hie ik een heale maraton draafd as tarieding op de Slachtemaraton. Dêr haw ik efterôf noch smaaklik om lake mei Jaap de Blaauw.

Binne der ek djiptepunten west?

De degradaasje mei it twadde yn ien fan myn lêste jierren bij SDS. Ik hie ek net in al te beste klik mei de toenmalige trainer Johan Faber.

Folgest SDS noch wat?

Steeds minder en de situaasje mei corona is wat dat oangiet ek net bevorderlik. Fia myn broerke krij ik noch wol wat mei.

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

As een moaie gesellige feriening mei prima faciliteiten.

Sjogge wy dy ynkoarten ek wer ris efkes del kommen by SDS?

Dat hinget wat fan de situaasje mei corona ôf, mar meastens kom ik wol ien à twa kear per seizoen del om bij Remco te sjen.

Hast ek noch kontakten mei (âld)SDS'ers?

Nee, de measte âld freonen binne ek ergens oars bedarre.



SDS A1 2004-2005; herkensto se allegear noch?

Ja, dat wie een moaie tiid. Neffens mij binne it:

Jaap Boekholt, Niels Koster, Paul de Boer, Douwe de Boer, Ralph Wariman, Feiko Broersma, Redmer Strikwerda, Jelmer Posthumus, Andrew Feyten en Tjeerd Dijkstra,

En sittend: Korné Boekholt, Tsjade Rameau, Bauke Dijkstra, Sybren Wesselius, Sytze Kooistra en mysels.



As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

Jaap Toering

Tsjeard Halbersma, Wouter Hijlkema, Remco Hijlkema, Wichard Deinum

Sicco Scheltema, Feite de Haan, Harm Stremmer, Jildert Hijlkema

Sytze Kooistra en Robert Sybesma

Trainer coach: Jaap de Blaauw

Jildert, tige by tige!



(WW)

Ôfskie nimme fan; Henk Mulder

De ofrûne jierren wie Henk Mulder trainer/koach by de JO19-1 fan SDS. Nei it beheljen fan syn Oefenmeester 3-diploma koe hy trainer wurde by Tzummarum 1 en is hy nei dizze 5e-Klasser fertrokken. Wy binne benijd hoe 't it mei him is.



Hoe lang bist úteinlik trainer west fan de JO19?

2017-2021, 4 jier en in fearnsjier oant 1-11 de Jo 19 en Jo 17, elts 1x.

Wat wie it hichtepunt?

It kampioenskip fan de JO19-1 yn de foarjiers kompetysje it twadde jier 2018-2019, machtich foar de mannen. Allinnich siet ik doe sels yn de USA. Ha noch een blog makke yn New York foar de mannen. De glossy foto's fan it kampioenskip stean op myn wurkkeamer thús.

En it djiptepunt?

Minne punten dat wiene de stikkene foet fan Bote, út by Heech, de strieminne lieding by in Ljouerter club (mei it kampioenskip wer rjocht setten ☺) en twa kear grutte ferliezen mei dûbele ferliezen by LSC út.

Foldocht it dy wat by Tzummarum 1?

It is in mix fan jong en âld en der sitte echt wol goeie spilers by. Mar we binnen eins nea kompleet west. Nei in pear flinke ferliespartijen hawwe we praat en spegele. De ploech is wat yn syn neidagen. De mannen joegen sels ta dat dit plak 12 it jier hjirfoar al in indikaasje wie. Dêr is gjin JO19, wol in JO-17. Dy train ik oerdei yn dizze Omikron-days.

Oant hoe heech lizze dyn trainersambysjes?

Wit dat ik te lang trochfuotballe haw, oant myn 55e. It trainen haw ik der altyd neist dien. De ambysje is dochs heger as ik sels tocht, dus ik bin oan it rûn sjen. Der binne fakatures by oare clubs. By Tzummarum witte se dat. En ik ha goeie referinsjes, toch?

Wat silsto it meast misse oan SDS?

De alliteratie-begroeting 'Haaaaaaa Henk' en it posityve omtinken fan Willem fansels. SDS is in prachtige doarpsclub op nivo mei de goeie sfear dy't derby heart. Eltsenien is noflik yn de omgong. It is in foarjocht dat ik by jim wêze mocht. Noflike dagen en groetnis oan eltsenien!

Sil ik dwaan! Tige by tige! Noch mar in soad súkses by Tzummarum 1 en yn dyn fierdere kariêre. (WW)



Hite nûtsjes

Hast wat noflike krystdagen hân?

Ja jong. Moai waar, lange dagen. Boxing day op it skerm, geniete man!



En do? Unwennich fan De Trije tink? As hast der toch even west om in prik te heljen?

Ik krij oars myn jierlikse 'booster' yn sporthal de Trije yn Frjentsjer troch dêr mei de Kryst te sealfuotbaljen. Dit haw ik al tige mist en it OFK giet ek al net troch. Dit binne donkere dagen sa....

Hasto ek sa genoaten fan sc Cambuur - sc Heerenveen?

Ja! Wat in wedstriid. Pracht fan in útslach! De mieningen binne ferdielt oer as it no al as net terjochte is, mar dat hindert neat. Wy ha wûn!

Wat do?

It is net wichtich as it wol of net terjochte is ynderdaad. Wy hawwe wûn en ik sjoch no al út nei de folgende derby en hoopje al dat wy derby binne. In derby sûnder minsken derby is eins gjin derby.....

**"In derby sûnder
minskens derby is eins
gjin derby"**

Hasto it boek Bravo Heerenveen fan Edward Jorna ek lêzen?

Ik fûn it in prachtich boek. Der steane 84 kolumns yn oer sc Heerenveen en sy binne stik foar stik de muoite wurdich fan it lêzen. Sels fûn ik de kolumn de muoite wurdich oer it feit dat de skriuwer as sc Heerenveensupporter dochs ek wolris nei Cambuur giet, mar dat in soad minsken dat mar frjemd fine dat hy dêr hinne giet. Ik kin my wol yn de skriuwer fine. Ik bin boppe alles fuotballeafhawwer en myn favorite klups binne Ajax en sc Heerenveen al fanôf dat ik rinne kin en dat sil nea feroarje. Dochts haw ik alderaadichste wedstriden sjoen yn it Cambuurstadion en soe der sa wer hinne gean.

Wat tinkst? Giet Joey Veerman nei Feyenoord?

Dat tink ik wol. It soe foar Feyenoord in hiele goeie oankeap wêze. Sels Ten Hag sjocht it wol yn him sitten.

PSV en Ajax stean boppe oan, wa wurdt kampioen?

Ik hoopje dat Ajax kampioen wurdt, mar no't PSV útskeakele is yn Europa en Ajax oerwinterd koe PSV wolris mear kâns meitsje. Sy spylje sa folle mear wedstriden en dat geane je yn de kompetysje merken.

Wat dogge 'wy' it goed yn de Europeeske toernooien net? Hasto de koëffisjentenpolonaise al dien?



As wy sa wat trochsette yn de Europeeske toernoaien dan mei daliks it hiele lofterrijsje fan de Eredivisie Europa yn. Dan kinne Cambuur en sc Heerenveen daliks harren mar klearmeitsje. Soe dat net prachtich wêze?

Hoe sille se dat yn Ingelân hawwe mei al dy wedstriden dy 't net troch gean troch Koronagefallen?

Dat sil in hele toer wurde om se op nij yn te plannen. Mei de kompetysje, 2 bekertoernoaien, Europeesk fuotbal en ynterlands, bliuwt der net in soad romte oer.

Hast ek sa 'n nocht yn it WK yn Dubai? Ik wol ein novimber mar 3 wiken frij nimme. De wedstriden binne dêr om 11.00, 14.00, 17.00 en 20.00 oere. Of silst der hinne?

It WK yn Dubai....dat is toch noch in 'kadootsje' fan us maat Sepp Blatter? Dy bêste man hie it goed mei us foar.... Ik tink net dat ik der hinne gean, it is my dêr te waarm.

Hast al fjoerwurk yn de hûs?

Nee, mar haw al spul yn hûs wat op in oare manier foar fjoerwurk soargje kin.....

Bedoarne oaljebollen? Ik hâld it mar moai by hite nûtsjes.

Op syk nei âlde Treffers

Wy binne noch altiten dwaande om ús Trefferarchyf kompleet te krijen. De measten binne al werom te finen op de SDS-side.

Dit stiet ûnder: **www.vv-sds.nl-klupynfo** Hjir steane hast alle Treffers fan 1970-1999 en alle Treffers fan 2000 oant en mei no.

Wy hawwe se dus noch net kompleet. Sa misse wy ûnder oare nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de klús of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe? Wy hoopje it!

Dizze Treffers misse wy noch:

- | | |
|----------------------------------|------------------------|
| - Treffer novimber/desimber 1980 | - Treffers út 1978 |
| - Treffers út 1977 | - Treffer nûmer 9 1974 |
| - Treffer nûmer 10 1974 | - Treffer nûmer 8 1973 |
| - Treffer nûmer 6 1972 | - Treffer nûmer 5 1972 |
| - Treffer nûmer 3 1971 | - Treffer nûmer 2 1970 |
| - Treffer nûmer 1 1970 | |

Hawwe jim noch sa'n âlde Treffer lizzen, nim dan kontakt op mei Aant Hofstra fia de mail: sds-nijs@home.nl.



Wêr binne de bollen fan Klaas en Jan?

“Grutste ôfswaaier ea” kopten de kranten en alle sportsiden op ynternet. In bijsûnder ferhaal omdat in fuotbol fanút Skotlân oanspielde op it strân fan Flylân.

Ik kin mij der best wat bij foarstelle. In fuotbalfjild ticht bij it wetter, in kritike stân en in trener dy’t lâns de kant stiet te balten: “futroeie dy bol”.

Yn Easterein kinne je de bol dan mar it bêst oer de kantine of de beammen sjitte, dat levert altyd tiidwinst op.

Yn de jierren 70 wiene der twa fjilden yn Fryslân dy’t ticht oan it wetter leine.

Yn Hylpen en Starum. At je dêr in bal fuortroeie moasten dan wie it in goed idee omdat rjochting Iselmar te dwaan. Grutte kâns dat je dy bol net wer seagen.

Sa haw ik út betroubere boarne fernaam dat se yn Hielpen en Starum no noch op syk binnen nei bollen dy’t troch SDS, (lês Klaas Overal en Jan van Asselt) fuortreage binne.

Se binne net oanspield yn Skotlân en ek net bij Inkhuzen , Lelystêd of Medemblik.



Dizze foto is fan 1975, namme yn Starum. SDS moat alle seilen bijsette yn de bekerwedstriid tsjin QVC dat in klasse heger spilet. It is 1-1 (doelpunt Pyt de Jong) en SDS hopet de ferlinging te heljen. Dat slagget mei keunst en fleanwurk. Twa bollen ferdwine yn it Iselmar. Dieders binne Jan van Asselt en Klaas Overal. SDS ferliest yn de ferlinging mei 3-1 want se hiene mear bollen.....



Hielpen—SDS 0—1. Een slechte wedstrijd. SDS, dat daarvoor een strafschop had gemist, kwam na een kwartier in de tweede helft aan de 0—1 winst. Visser had toen succes na een foutje van Hielpen-doelman Arnold Eekma.

Hielpen—SDS 1—2. Met de rust 0—1 door Piet de Jong. Jan van Asselt vergrootte na de hervatting de voorsprong tot 0—2. Een kwartier voor afloop 1—2. Hielpen had wel een puntje verdiend.

Yn it seizoen 1973-1974 en 1974-1975 moat SDS in lytse foarsprong ferdigjen tsjin Hielpen. Ek no is opromje it motto en it Iselmar is net al te fier fuort seker net foar mannen as Klaas en Jan.

(AH)



Dizze bal is lêsten oanspield op Flylân. Dizze blike út Skotlân ôfkomstich te wêzen.



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

In fruitmandsje bringe by Gerbrand Kramer

Gerbrand Kramer fan Kûbaard fuotballet yn de JO19-1 fan SDS en mocht begjin dit seizoen al efkes oan SDS 1 rûke. Ek trainde hy wol gauris mei. Op it heden komt der net safolle fan fuotbaljen, want hy rint al in skoftke op krukken. Wy binne benijd wat der oan de hân is.



Wêr hast lêst fan?

Ik haw lêst fan in zweeps slag yn myn rjochter kût.

Hoe hast dat sa krigen?

In pear wiken lyn by in wedstriid tsjin Warkum sjitte it yn myn kût neidat ik in sliding makke.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ik hie der wol efkes lêst fan krekt neidat it gebeurde mar ik tocht dat ik wol troch fuotbalje koe en letter yn de wedstriid fiede ik it ek net echt mear. Mar in pear dagen nei de wedstriid hie ik der mear lêst fan, toen bin ik toch mar efkes nei de dokter west. Dy sei dat ik in zweeps slag yn myn kût hie.

Hoe giet it mei dyn herstel?

Op dit momint hoech ik gelokkich net mear op krukken te rinnen en probearje ik ek wer wat mear te bewegen.

Giest ek nei de fysio en sa?

Ik doch no alle dagen in pear oefeningen en ik probearje no wer om lytse stikjes hurd te draven.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoopje dat ik nei de winterstop wer mei traine kin. En dan fansels ek wer wedstriden te fuotbaljen.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

Fansels it fuotbaljen en de geselligheid by it fuotbaljen mei myn maten.

Gerbrand, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy nei de winterstop snel wer op it fjild te sjen!

(WW)



SDS froulju 7x7 toernoai

It wykein fan 12 novimber wie it in frij wykein foar de dames fan SDS, of dochs net? In foarstel fanút SDS wie om in damestoernoai te organisearje foar froulju en famkes dy't by SDS fuotbalje of (wer in kear fuotbalje woen. Elkenien wie wolkom op dizze jûn en dat wie ek te sjen. Der wienen dames fan dames 1, 3, ald spylsters en sels spylsters fan oare klubs sa as út Snits, ek mochten de coaches meidwaan dus wienen Pieter, Johan en Richard ek fan de partij. Mei in moai oantal koenen wy 4 teams meitsje en los gear. Op twa heale fjilden waard der spile. 3 lytse wedstriden mei úteinlik in grutte partij oer it hiele fjild.



Der waarden ferskillende teams makke. Guon teams gongen lyk op en by guon teams gie it wat minder of just hiel goed. It team fan Pieter joech bygelyks de bal leaver net oan him. Oerpasse kin hy net en it goal fan in heal fjild is foar him dan toch wat te lyts. By team Johan wie it oarsom, hy draafde it leafst net te folle en bleau derom wat hingjen bij it goal. Mar der wienen ek goeie punten te sjen en talinten fan bûtenôf: Daphne, Sanne, Sarah en Jada. Sy meie sich ek frij fiele om oan te slúten by SDS. Ek Akke-Rixt wie oan it solliciteren foar in plakje bij dames 1, Sieta makke har comeback en de jongste fan it stel, Fenna, liet ek sjen dat se fanôf january as nij talint bij de dames fuotbalje kin.



Nei de tiid wie der in geselliche neisit mei muzyk fan barfrou Tarina en de karoakeset fan Femke. Net allinich fuotbaltalint wie dizze jûn op it sportpark te sjen mar ek seker sangtalint. Dit wien we altyd al went fan Hester mar no kin ek de popgroep FAMK (Femke, Alissa, Marrit, Kirsten) optrede om in nijjerssit

of BBQ. Nei hiel wat drankjes en hapkes wienen toch de coaches Johan en Richard ien fan de earsten dy't nei hûs gongen. Dochter Sarah seach it al net mear sitten om har heit noch langer mei tefolle bier te sjen. Spitigernôch wie it al gau 12 oere en moast de rest ek nei hûs.

It wie seker in slagge jûn wat faker organisearre wurde kin! Hiel moai dat der dames fan ferskillende teams en fan bûten de klub meidienen!

Ut namme fan de froulju,

Lysanne Wiersma.



Sporthal & Sportkafé

De Greidhoeke



0515-332290

info@degreidhoeke.frl

www.degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal - Basketbal - Kuorkebal
- (Muorre)keatsen - Gymnastyk

Ballon d' Boer

Sa meast rûn Sinteklaasjûn wurdt bekend makke waard de bêste fuotballer fan it jier wurdt. De lêste jierren is dat net sa ferrassend, want meast is dat Cristiano Ronaldo of Lionel Messi. Sinteklaas hat in soad ferstân fan fuotbaljen en makke op Sinteklaasjûn bekend wa't wat him betrefte de Ballon d'Or by de JO19-1 dik fertsjinnet. Dizze priis gie nei Thijs de Boer. Fanôf no giet de gouden bal dan ek troch it libben as de Ballon d' Boer.



Grutte Klupaksje

De Grutte Klupaksje hat ek dit jier wer in moai bedrach yn it laatsje fan SDS brocht.



Tige by tige hjir foar!

In priis by de Grutte Klupaksje?

Der bin leden fan SDS mei in priis yn de Grutte Klupaksje. Jim kinne it neisjen op <https://lotchecker.clubactie.nl>. Sa as wy it tsjekt hawwe giet it om prizen lykas kadobonnen (boekencheques as Greetz-tegoed). Wy binne benijd wa as der wat wûn hat!

SDS-krystpuzzel

Fansels dit jier ek wer in prachtige SDS-krystpuzzel makke troch Tryntsje Bouma. De letters dy't oerbliuwe foarmje in sin. Mail dizze foar sneon 8 jannewaris nei **DeTreffer@vv-sds.nl** en je meitsje kâns op in prachtige SDS-paraplu. De oplossing en de priiswinner stean rûn 9 jannewaris op de SDS-website

J	L	A	E	P	D	N	E	N	O	E	R	F	Q	I	A	O	G	N	Y
U	G	U	R	E	T	E	I	K	K	I	T	U	F	O	A	R	S	E	T
N	C	E	P	E	I	R	G	E	K	P	A	K	E	L	U	M	U	S	S
I	L	H	U	S	S	O	E	R	R	R	T	K	A	T	N	O	K	R	E
O	E	C	E	N	N	L	A	T	A	E	W	U	O	D	R	S	E	E	J
A	S	I	E	C	D	E	E	N	H	D	T	E	R	D	E	T	R	T	S
R	S	U	Z	T	K	G	T	G	F	C	A	S	E	S	T	E	B	R	N
E	I	J	I	U	E	A	J	U	I	O	O	A	A	I	E	O	O	O	I
N	W	T	E	P	I	M	P	I	B	R	E	J	S	E	M	V	L	P	R
T	E	M	S	N	P	O	I	P	N	N	T	R	R	J	L	R	E	P	E
N	B	I	E	M	T	R	A	N	B	P	A	A	D	S	E	E	S	U	F
I	M	D	L	D	O	E	O	U	S	O	U	L	A	E	D	B	E	S	N
M	A	D	L	L	N	K	N	R	F	P	O	B	I	M	R	E	N	E	O
E	S	E	A	E	L	N	R	I	E	P	I	S	L	N	A	A	I	L	K
S	T	N	O	J	I	A	E	A	B	B	U	L	T	Y	O	N	O	K	E
S	E	S	K	K	N	T	O	E	E	A	M	P	E	E	K	A	A	C	S
A	R	T	S	N	E	R	T	G	R	G	K	I	I	R	R	O	R	A	R
L	S	I	E	F	K	E	S	B	A	L	J	E	S	L	S	R	E	T	A
K	D	P	L	E	S	T	I	K	F	L	E	S	K	E	S	O	N	S	P
E	T	F	O	K	S	R	E	T	N	I	W	N	W	O	D	K	C	O	L

BERVOETS
BOOSTER
BUNNIKSIDE
BUTENSFUL
CHECKAPP
DEGRADAASJE
DESIMBER
DOUWE
EASTEREIN
EFKESBALJE
FOARSET
FOARSITTER
FREONEN

GEARKOMST
GJINPUBLYK
GOAL
GRIEP
JUICHE
JUNIOAREN
MIDDENSTIP
MULEKAPKE
NIJLAN
OANFOERDER
OARDELMETER
ONLINE
PARSEKONFERINSJE
PEAL

PLESTIKFLESKES
PUPIL
KABINET
KJELD
KLASSEMINT
KONTAKT
KOROANA
LOCKDOWN
MAATRIGELS
QUARANTAIN
SENIIOAREN
SKIEDSRJOCHTER

SKOALLESEIZE
SNERT
SUKERBOLE
SUPPORTERS
TACKLE
TEMINSPIERS
TIKKIETERUG
TOERNOAI
WEBMASTERS
WINTERSKOF
WISSEL
YNGOAI



Einstân SDS-League

Foarige				Wike	Wike	Wike	Totaa	Prizen	Ein-
Stân	stân	Teamnamme:	Koach:	12	13	14			prizen
1	1	Vrijdagavond Feest	Matthijs Postma	40	35	54	700	€ -	€ 100,00
2	2	Kansloos	Bas van der Weij	38	22	50	678	€ 18,75	€ 75,00
3	5	Torpedo Toering***	Jaap Toering	47	31	55	666	€ -	€ 50,00
4	7	Happy Feet	Emke & Habtamu de Hoop	41	44	51	660	€ -	€ 40,00
5	4	Covid-11	Dirk Stegenga	34	33	40	655	€ 25,00	€ 30,00
6	3	FC Lollum	Simon Bruinsma	46	30	25	651	€ -	€ 17,50
7	8	FC Op nei de top	Gerlof-Jan Hofstra	40	31	45	650	€ 12,50	€ 17,50
8	6	MarkrEeltje	Marije & Eeltje	43	20	35	645	€ -	€ 10,00
9	12	Pindasaus	Hendrik Engbreghof	41	34	52	642	€ 6,25	€ 5,00
10	10	BarbEeltje	Eeltje Postma	30	37	44	639	€ -	€ 2,50
11	15	Baco Juniors	Wiebe Heeres & Inne Heerma	41	41	51	637	€ -	
12	11	Strikky's United	Seriette Strikwerda	45	45	42	633	€ 12,50	
13	16	Snats Seuntjens	Anco Bervoets & Niels Hazewindus	38	36	46	631	€ -	
14	9	FC Systeemplafond	Jacob-Klaas Haitsma	35	44	28	630	€ -	
15	13	FC Munnaps	Bote Strikwerda	32	27	40	629	€ -	
16	20	Aan de kant ik moet naar't stadion	Sjoerd van Beem	41	35	49	627	€ -	
17	22	FC Dronryp	Tsjalling Sikma	44	36	60	626	€ 6,25	
18	17	De Regenjas	Kris Gaastra & Thor Ruiters	41	26	40	624	€ -	
19	18	vv DWO	Durk Okkema	24	32	39	620	€ -	
20	19	Postmeister	Jelmer Posthumus	33	36	39	619	€ 12,50	
21	14	2 minuten klaar	Anouk Delfsma	33	23	31	618	€ 12,50	
22	23	Broodje Gakpo	Bauke Dijkstra, Stefan & Dirk Kuperus	38	40	48	614	€ 12,50	
23	24	FC Vinnie	Frank Bervoets	34	34	50	614	€ -	
24	21	Hey Ho Let's Go	Willem Wijnia	42	28	46	613	€ -	
25	28	Bergosso	Jan Friso Bruinsma	38	36	60	612	€ 6,25	
26	25	Genot	Erik Haitsma	32	20	41	603	€ -	
27	29	Hup SDS	Grietzen Broersma	41	24	47	598	€ -	
28	30	De beste tipper út Jorwerd	Annejan Hallema	42	25	47	597	€ 12,50	
29	26	Hoekie Boys	Marc Hoekstra	33	24	38	595	€ -	
30	31	Bulder	Jan Mulder	24	29	42	592	€ -	
31	32	Easy money	Johan Delfsma	34	37	40	588	€ -	
32	35	Kratje Bier	Robert Hoekstra	36	39	43	586	€ -	
33	36	Hampes FC	Jan-Harmen Folkerts	48	28	53	586	€ 12,50	
34	34	Paranoid	Hendrik Eringa	34	30	39	582	€ -	
35	27	FC Another Rick in the Wall	Rick Hendriks	31	21	23	578	€ -	
36	33	Henkie Heisenberg ***	Hendrik de Jong	41	34	33	577	€ 12,50	
37	37	CD Guadalajara	Pieter Kamstra	34	27	45	576	€ -	
38	38	Jelsmanian Devils	Jan-Simon Jelsma	29	21	42	572	€ -	
39	42	Hiemteam	Gert-Jan & Niels Hiemstra	40	26	46	571	€ -	
40	41	Hakim	Pieter Sijsma	39	26	41	569	€ -	
41	39	De Supersubs	Dirk de Jong	27	28	32	561	€ -	
42	40	Brekken Boys	Okke van der Kamp	38	32	31	560	€ 12,50	
43	43	Kallo Legends	Lourens van der Pol	34	28	35	560	€ -	
44	44	Overal United	Sybrecht Overal & Willem Twijnstra	30	29	40	559	€ -	
45	45	Top 10	Aant Hofstra	22	30	39	547	€ -	
46	48	Hofkamp	Eeltje Bootsma & Stijn Schildkamp	36	37	45	539	€ -	
47	46	De Flierefluiters	Jildert van der Werf	27	22	37	533	€ -	
48	51	Bla Bla Blafke	Ate Feike de Boer	45	35	46	528	€ -	
49	50	FC Op 'e Gok	Haye J. de Boer & Piter van de Pol	27	29	35	525	€ -	
50	49	Kibbeling!	Gert-Jan Hessels	26	28	28	521	€ -	
51	47	Brouwerpower	Jelmer Brouwer	37	30	23	518	€ -	
52	52	Wout en Harm	Harm-Auke Dijkstra	34	28	31	502	€ -	
53	54	Op nei de Top	Marten Faber	31	35	33	496	€ -	
54	55	Roggeberg Boys	Auke Eringa	31	27	37	495	€ -	
55	53	Remontada	Rémon Rameau	29	33	27	490	€ -	
56	57	Henkie in Oranje!	Annejan Hallema	15	25	43	484	€ -	
57	56	Algemeen Fons	Sjoerd Rispen	31	34	26	479	€ -	
58	58	Het Dispuut	Jasper de Boer	24	18	27	467	€ -	
59	60	FC Hallema	Arjan Hallema	24	8	32	442	€ -	
60	59	Moast dy bal foArjan	Stefan van der Velde	25	15	20	432	€ -	"Poedel"



It is 'Vrijdagavond Feest' fan Matthijs Postma dy 't der mei de haadpriis fan troch giet. Hy pakt yn de lêste wike 54 punten en dat is genôch om boppe-oan stean te bliuwen. Hy bliuwt 'Kansloos' fan Bas van der Weij sa 22 punten foar. Jaaps 'Torpedo Toering' is 3e wurden.

De lêste wykpriis fan it jier wurdt diel troch 'FC Dronryp' fan Tsjalling Sikma en 'Bergosso' fan Jan-Friso Bruinsma.

Opfallend is dat fan de 14 wykprizen der mar 4 hiele en 2 dielde wykprizen yn de top 10 fallen binne. Meast leit dat oantal folle heger. Dirk Stegenga waard mei 'Covid-11' 5e, mar pakte ek noch 2 wykprizen wêrtroch hy aardich yn it prizenjild sit.

It prizenjild wurdt ein fan dit jier byskreaun en dan wurdt ek it dielnamejild ind fan de bankrekken.

Nei de winterstop sille wy los mei de twadde helte fan de SDS-League.

Elkenien mei dan wer in nij team ynleverje. Wy sille sjen as wy dan op 75 dielnimmers komme kinne. Dat soe alderaadichst wêze fansels yn it jier dat SDS 75 jier bestiet. Hâld de webside goed yn de gaten om te sjen wannear as it wer los giet.



Sportpark ticht, mar it MFT is iepen

De kommende wike is it sportpark ticht. Mei de Korona-maatrigels fan it kabinet mei der net sporten wurde mei mear as 2 persoanen. Dan wurdt fuotbaljen wol hiel lestich. Dêrneist blykt it keunstgersfjild hurder te sliten dan eins de bedoeling is en is der lêsten wat fjoerwurk op it fjild smiten.

SDS wol him der graach foar ynsette dat de jeugd frijút fuotbalje kin. It MFT-terrein is altiten iepen om op te fuotbaljen en hat in moai hek deromhinne

krigen sadat de bal ek net sa gau yn de feart rollet. Ek efter de sporthal mei

fuotballe wurde. Dêrneist binne wy dwaande om in pannakoai te realisren yn Easterein en stipet SDS de stichting Wommels

Beweegt om itselde yn Wommels foar elkoar te krijen. Uteinlik is it foar elkenien it bêste om safolle mooglik te bewegen.

Fuotbaljen is dan úteinlik it moaiste om te dwaan.



SDS-klean (1)



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl sjoch rjochtsûnderyn en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Op fersyk fan SDS leden kin der ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.

Hjir kin efentueel ek past wurde.



SDS-sjaals

Der binne noch altiten SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne te krijen by Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



SDS-klean yn de útferkeap! (2)

Der lizze noch wat SDS-klean op foarried dy 't wy graach kwyt wolle. Dizze klean wurde ferkocht foar de helte fan de priis.

Skilje mei Douwe-Dirk om te hearen as je wat hawwe wolle.

Dit binne dan de prizen:

Trainingspakken	€ 20
Sweaters	€ 12,50
Workshort (koarte broek)	€ 10
Workpant (trainingsbroek)	€ 12,50
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Ladys vest (mei rits)	€ 15
HPCL (mei rits en capuchon)	€ 20



Op = op!



De SDS-sokken binne net yn de útferkeap. Dizze binne nei de 'Koronastop' wer eltse sneon te keap yn de bestjoerskeamer foar €10,-

SDS-paraplu

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl. Sy binne nei de 'Koronastop' ek wer yn de bestjoerskeamer te krijen.



In kraammandsje bringe by Tsjipke Okkema

Op tongersdei 14 oktober hawwe Tsjipke Okkema en syn freondinne Esther Hoitenga in lytse poppe krigen. Nei Jildert en Hidde krigen sy in wier kadootsje mei Jeldau Joukje. Wy binne wol benijd hoe 't Tsjipke it allegear wat rêdt mei de trije bern, syn wurk, it trainen fan SDS 2 op tongersdei en it fuotbaljen me SDS 3.



Hoe is it mei dy? Bêst

Op 14 oktober hawwe jim Jeldau Joukje krigen. Hoe giet it mei Jeldau en mem? Dat giet sa moai as wat, al sitte der wolris wat koarte en brutsen nachten tusken.

Kinne de jongens harren wat fermeitsje mei harren lytse suske?

Ja hjer, die passe goed op har. Se moat sa no en dan efkes bij se op skoat.

Do wiest fêst wol bliid dasto de ôfrûne wiken sneons noch efkes fuotbalje koest by SDS 3? Jaseker, bliid dat wij noch in pear sneonen fuotbald hawwe. Al ist wol wat frjemd sûnder al die taskôgers lans de line...

Hasto oars noch wol wat tiid oer om in bytsje fit te bliuwen? Op 't heden net sa heel folle, thús genoch drokte. Mar moat sa no en dan al in eintsje drave, als ist net myn grutste hobby. En ik mei graach ris in blokje om fietse.

Hat beppe Joukje der noch wat fan meikrigen dat sy noch in ferneamde oerbepesizzer krige in dei foar har stjêrdei? Ja gelokkich al. Heit Klaas hat har dat fertelle kinnen. Se wie tige grutsk.

Kinne wy Jeldau fêst ynskriuwe foar it frouljusfuotbaljen by SDS?

As sjochst se oer in pear jier in oare sport dwaan?

No bin ik sels net sa wei fan frouljusfuotbal, dus in oare sport mei ek. Mei se skylk sels betinke.

Wolst oars noch wat kwyt?

No ik hoopje dat we nei de winter gau wer los kinne, sporten is sûn en goed foar de geest. En der is net folle moaiers dan sneontemiddeis, nei in potsje fuotbal, gesellich in bierke mei elkoar te drinken.

Mar noflik mei syn allen genietsje fan lytse Jeldau!
Wy hoopje harren gauris oan de line te sjen by SDS 3.
(WW)



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Melle Terpstra	
Namme	Melle Terpstra
Berne	5 november 2012 
Yn Wommels, Easterein as....	Sneek ziekenhuis
Skoalle	De Opslach Wommels
By SDS sûnt	2018
Team	Jo10-1
Gjin fuotbal, dan...	Trampoline, spelen, gamen, vissen
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Bayern München
Beste trainer	Luka
Beste fuotballer yn Nederlân	Virgil van Dijk
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Robert Lewandowski
Favorite fuotballer SDS	Melle 😊
Beste keeper	Mark Klijnsma & Manuel Neuer
Favorite posysje	Rechtsachter
Sterkste punt	Keepen, scoren
Swakste punt	Met links schieten
Moaiste stadion	Nou Camp
Idoal	Van Ewijk

Hichtepunt	Lobje over een sliding heen en vervolgens in de korte hoek scoren
Djiptepunt	Voetblessure
Moaiste goal	Een goal met links gescoord
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Als we hebben verloren
Flinters yn de búk fan	Als ik heb gescoord
Tillevysje	Voetbal, YouTube, De Boomhut Battle
Muzyk	Ik moet zuipen!
Lekkerste iten	Pizza
Minst lekkere iten	Rode kool
Bakje patat of broadsje sûn?	Patat
Drinken	Cola
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Bûten boartsje
Sinteklaas of de Krystman	Krystman
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Heuh roepen, handen in de lucht en springen
Kampioen Earedivyzje 2021/2022	Ajax
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen
Moaiste sjurt	SC Heerenveen uit
Lelijkste sjurt	PEC Zwolle
Fuotbalskuon	Puma
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Voetballer bij SC Heerenveen

De SDS-minileague

Elke zaterdagmorgen om 9 uur barst het spektakel op de Skoalleseize los. Op het B-veld, denderen dan zo'n 25 kids, vol ambitie het veld over. 6 voetballers (m/v) vallen het meest op, zij dragen de shirts met de pompeblêden, die mede mogelijk zijn gemaakt door sc Heerenveen! De warming-up is voor iedereen een herkenbaar startpunt. Steeds weer van links naar rechts, van voor naar achter en omhoog en omlaag. De begeleider ziet de adrenaline dan al lichtjes stijgen. Op lijn in de grote goal wordt de indeling nog maar eens bekend gemaakt en dan starten de partijtjes. Zo'n 40 minuten wordt er dan gevoetbald op 3 kleine veldjes onder toezien oog, waar mogelijk tenminste, van ouders, pakes en beppes, tantes, burens en alle andere belangstellenden. Alle teams hebben een ouder als leider, die zorgt dat bij een veldwissel iedereen meekomt. Anders missen we kinderen, want niet iedereen heeft altijd door wat er om hem, of haar gebeurt.



Het is een mooi clubje kids. Sommigen al fel en vol vuur gericht op de bal. Anderen nog een beetje bang als een tegenstander op hun afkomt. Weer anderen spelen tikkertje in het veld, of ze nu bij elkaar horen of niet. Het maakt allemaal niet zoveel uit. Het gaat er om dat iedereen plezier heeft en alvast went aan het feit dat je teamgenootjes hebt, waarmee je samen speelt. Als voorbereiding op het echte werk, later in de competitie. Ook wennen ze er alvast een beetje aan dat het toch echt wel een fysieke sport is en ja je kunt vallen en ja, je kunt je ook pijn doen.



Na afloop wordt met elkaar opgeruimd en bestormt men massaal de kantine, waar de stofwolken pas weer neerdalen als uiteindelijk de laatste twee ouders, met een tas vol shirts naar huis vertrekken.

Op woensdagmiddag is iedereen weer van de partij voor de training. In een spelcircuit onder leiding van Jelle Vellinga, Luuk Meijer, Jildert Hiemstra en Gjelt Kempe, aangevuld met twee ouders en ondergetekende voor de algehele coördinatie. Er wordt gewerkt aan passen, stoppen, op goal schieten en duelleren in kleine partijtjes van 1 tegen 1 of 2 tegen 2. Iedereen komt zo lekker veel aan de bal en elke training is gevarieerd.

Regelmatig komen er nieuwe kids een kijkje nemen. Die trainen dan eerste een aantal keren mee om te kijken of voetbal bij hen past. Meestal wel!!

O8-2

De oudste spelers mogen na de winterstop in de echte competitie meedoen. Rudy Dijkstra en Gerrit Terpstra zijn de coaches van de O8-2. Met supertornado Brend, die uit alle hoeken kan scoren. Senne, die altijd precies op de juiste plaats staat en druk bezig is om de bal perfect te kunnen sturen, dan Melle, supertalent die het pompeblêde shirt wel heel erg goed past! Vervolgens de baas in het veld: Geanne! Speelt alle jongens helemaal zoek. Jort, onze ijzervreter pur sang. Dan ondernemers Roan en Wybren. Die elke week toch maar mooi even tijd nemen om tussen het vele werk in het eigen loonbedrijf, te komen voetballen. Wij zijn benieuwd wanneer de shirts met hun bedrijfslogo gedrukt kunnen worden! Hou dit team in de peiling, mensen. Vanaf 22 januari live (Corona en weder dienende) te aanschouwen! O8-2, het was fantastisch om jullie in de mini league te hebben. Veel succes in de competitie! Namens Jildert, Gjelt, Luuk, en Jelle,



Tjerk van der Pol



SDS -Look-a-likes(32)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl!**
Dizze kear mei tank oan Jesse, Tjerk.....

Ciro Immobile(Lazio Roma) as Tseard Verbeek:



Dirk de Jong as Gerard Pique:



Douwe Posthuma as Pieter van de Hoogenband:



Kees'Kollum; 'Bijwerkingen gewenst'

It sil je mei Kryst en Ald en Nij wat faker foarkomme dat je nei de tafel sjogge en tinke 'is it glêso no heal fol of heal leech'? Yn tiden fan lockdown en it foarutsjoch op in nije prik, wol de balans wolris krekt oars útfallen, ôfhinklik ek fan it oantal glêzen dat je oan it beoardielen binne. Gehiel yn dizze trent in heale/healfolle(?) poging om it glêso mei boosters wat folter fan smaak te meitsjen.

At je viroloog Van der Gijp nameljik leauwe meie, sille we mei dat virus leven moatte. Derneist is de kritiek dat de sportbelangen net genôch meinaam wurde yn de algemiene oerwegingen. Fanút de sport sels waard mei de sliepfersjochende wedstriden op Super Sunday al in sterk pleidooi dien foar alles wat ek mar op 'boosten' liket. Mar de latte mei miskien wol iets heger: wêrom kombinere wy it vaccin no net mei in booster fan de sportprestaasjes?

Sels draai al jierren stief oer links en skrik ik soms at ik yn de spiegel sjoch dat ik ek in rjochterpoat haw. Hoe moai soe it weze at ik -bak hem beet- Pfizer versie 2.19 kieze koe dy't my de rjochterfoet fan Yildirim jaan soe? Of it besef dat je mei 'dansen met Jansen' 3.0 in foardiel hawwe tsjinoer de rjochtsback fan Skearnegoutum? De longen fan Kuijt skine je mei oare piltsjes al krije te kinnen en foar it ynsicht fan Beugelsdijk moatte je foaral folle drinke.

En die hiele QR-code app soenen wy ek folle breder brûke kinne foar de sport. De trainer scant de QR code fan je spilers en wit hierfijn welke software deryn de spiler sit. Lever op tongersdei je kode yn, want oars stean je der net yn. Wat rissultear yn in soartefan Stratego mei QR-codes, wêr 't de gemiddelde klaverjasser bliid fan wurde moat.

Sels neist it fjild wurde wy dan yn de takomst op ús wenken betsjinne. Sa't al yn de Ljouwerter krante stie, is de tredde helte eins krekt sa wichtich as de sport sels. Mei in bytsje codescanner kinne je ek yn de kantine de sprekwurdeljike winners fan de hampelmannen skeide: do krijst 1 komke mei snert, foar dy hjoed in dûbbele frikandel want dyn kode freget derom, en do wolst dan wol Heineken mar ast hjir lang sitte wolst is Amstel hjoed toch echt better foar dy. De Jumbo-Visma ploeg soe jaloers wurde fan de diëten op maat.

Ik wit net oft we hjir bliid fan wurde moatte en miskien hâlde je der wol in identiteitskrisis oan oer as spiler, mar thús sitte mei tefolle tiid is ek net bêst.....toant dit stikje mar wer oan.

(KA)



“Wêrom kombinere wy it vaccin no net mei in booster fan de sportprestaasjes?”



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Koöperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!



Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



Sinteklaas by sf Deinum



Barcelona, 4 desimber 2021,

Bêste Tarek (foarsitter sf Deinum),

De Sint rekket wolris wat yn de tiezen,
hielendal no't de sneinsklups it hawwe foar it kiezen.
As sy op sneon balje wolle, meie sy no streekkrjocht oer,
sa wurdt it kiezen foar de sneon net mear sa'n toer.

Wa wol der no net nei in sneonsklasse,
sels sf Deinum soe dêr prima yn passe.
De Sint hat al efkes foar jim ynformearre,
mar it is it bêst as jim earst promofearre.

It soe dan moai passe,
want dan komme jim yn de 3^e-Klasse.
De foarsitter fan SDS hat syn fiat al jûn,
dat kin ek net oars, want hy hat krekt jim trainer oan syn klup ferbûn.

Hy hat dus wol wat goed te meitsjen,
no't jim sa'n goeie trainer oan SDS binne kwyd oan it reitsjen.

Hjir moat fansels al wat tsjinoer stean,
dus Sint hat de foarsitter fan SDS wat foarlein.
Mocht sf Deinum folgend seizoen tsjin SDS moatte,
dan kostet him dat sawisa twa kratten.

De foarsitter moat ek soargje foar wat oare wille,
in goed stikje muzyk is dan ek wat sy regelje moatte sille.

In better ôfkeapsom foar jim trainer kinst net krije,
dat hat Sint dan mar moai foar dy regele.

Mocht tegeare yn in kompetysje net slagje,
dan moat Remco Bervoets mar in oefenwedstriid regelje.

Op in oefenprogramma kinne je hiel lang stinne,
mar dan is SDS yn elts gefal wis dat sy winne.

Dikke tút,
Sint



Ofskie

De bestjoersleden Tjerk van der Pol (jeugdfoarsitter) en Anco Elgersma (ledenadministraasje) hawwe ôfskie nommen fan harren bestjoersfunksjes. Om 't de ledengearkomst net trochgje moast it bestjoer in oare gelegenheid fine om in SDS-klompke te jaan, mar dit is slagge. Beide, tige by tige foar alles!.

Foar Anco is der ynmiddels in ferfanger fûn en foar de funksje fan jeugdfoarsitter is it bestjoer noch op syk nei in gegadigde.



Tjerk van der Pol en Anco Elgersma krije in SDS-klompke.



It SDS-klompke makke troch Bauke de Boer en de blommen fan De Vlinder.

Ut de âlde doaze

1996-1997 SDS A1

Steand: trainer Rein Strikwerda, Hylke Heeres, Ivo Donath, Anne Stenekes, Tjitte-Jelle Verbeek, Jentsje Jorritsma, Peter Jansen, Sjoerd van Beem en lieder Herman Jansen.

Op hurken: Syb Overal, Jan Stenekes, Frans-Pieter Terpstra, Johan-Klaas Schokkenbroek, Wesley Holtinga, Ronny Wagenaar, Jeroen Wagenaar.



SDS seal 2: 1994-1995

*steand: Andries Stuiver, Stoffel Bouma, Tjerk Okkema, Tamme de Boer, Tinus Hoekstra
op hurken: Ype Tiemersma, Douwe Schaafsma, Pieter Veenje*

(AH)


Doelpuntenmakers senioaren 2021-2022

	SDS 5	SDS 3	SDS 1	SDS 4	SDS 2	SDS VR1	Totaal
Dirk Yde Sjaarda	26						26
Jelmer Posthumus		8					8
Tjipke Klaas Okkema		8					8
Robert Sijbesma	5						5
Hendrik de Jong	1	1	2				4

Sa sjocht de boppekant fan it doelpuntenklassemint der út, mei allinne de doelpuntenmakers dy't mear as 3 kear skoard hawwe. Der binne noch 4 spilers dy't 3 kear skoard hawwe, 8 SDS-ers skoarden 2 kear en der binne 27 spilers dy't ien kear in net fine koene.

De komplette list stiet op ús webside.

Wij hawwe ek noch efkes sjoen nei it oantal doelpunten per alvetal. Der binne totaal 106 doelpunten makke en 46% komt foar rekken fan SDS 5. Fan dy 47 doelpunten dy't SDS 5 makke, wie Dirk Yde Sjaarda 26 kear de skutter. De bijdrage fan SDS 1 en SDS Vr1 leit op 6% en 4%.



Wij sjogge ek noch efkes hoe't it wie yn de 6



seizoenen hjirfoar, mei it each op de 26 doelpunten dy't Dirk Yde no al makke hat. De 42 fan Tjitske Heeres yn it seizoen 2016-2017 lykje wol helber mei dizze foarm. It seizoen 2019-2020 is net hielendal ôfmakke en it seizoen 2020-2021 is hast hielendal yn de koroana fallen.

2015-2016	Tjitske Heeres	33
2016-2017	Tjitske Heeres	42
2017-2018	Tjitske Heeres	29
2018-2019	Jeska Terpstra	16
2019-2020	Jelmer Posthumus	28
2020-2021	Jelmer Posthumus	8
2021-2022	Dirk Yde Sjaarda	26

(AH)

Aginda

Wannear?	Wat ?
1-jan-2022	Habtamu de Hoop(SDS 3) op tillevsysje by Editie NL op RTL4
4-jan	Gjin Super SDS-zaalvoetbaltoernooi
8-jan	Gjin SDS-nijjerssit
15-jan.	Gjin OFK yn Frjentsjer
29-jan.	Ynhelprogramma
5-feb.	Oudehaske 1 – SDS 1
12-feb.	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1
19-feb.	Ynhelprogramma
26-feb.	Ynhelprogramma
5-maart	Workum 1 – SDS 1
12-maart	SDS 1 – SVM 1
18-maart	Sponserjûn SDS
19-maart	Willemsoord 1 – SDS 1
26-maart	SDS 1 – Sneek Wit-Zwart 1
2-april	Tonego 1 – SDS 1
10-aug.	SDS bestiet 75 jier!
2&3 sep.	Feest 75-jierrich jubileum SDS

**De Trefferredaksje
winsket jim in soad
wille
en
sûnens
yn
2022!**

